

FRIJBÛTSE





De Katarinatsjerke yn Leons

Frijbûtsjer

Frijbûtsjer is in útjefte fan de FNP dy't trije kear yn it jier ferskynt (febrewaris, juny, oktober).

Nûmer 481 komt op 14 juny 2024 út.

Kopij foar **24 maaie** opstjoere nei

frijbûtsjer@fnp.frl

Ledenijs lykas oankundigingen, wurklisten en ferslaggen wurdt mei *It Frijbûtsjerke* ferspraat, dat alle moannen, útsein simmers, útkomt.

Redaksje

Jan Arendz
Jan Breimer
Janneke de Boer
Harry van Borkulo
Dirk de Jong
Johan Dirk van der Schaaf

Foto foarside

Us Earste Keamerlid Auke van der Goot op besite by Kening Willem-Alexander yn Paleis Huis ten Bosch
© RVD

Fan it haadbestjoer

<i>Kommunikaasje</i>	4
<i>Wa wurdt ús túnman/-frou?</i>	6
<i>Alle moannen in miny-Frijbûtsjer</i>	6
<i>Nij telefoannûmer: 06 1521 0335</i>	6

Fan de kaderkommisje

<i>Rapportaaasje FNP-besinningsdei 2023</i>	7
---	---

Fan de Steatefraksje

<i>Hichtepunten fan it lêste fearnsjier</i>	8
---	---

Fan de Wetterskipsfraksje

<i>Gearwurking foldocht goed</i>	11
--	----

Fan de ôfdielingen

<i>Súdwest-Fryslân</i>	13
<i>Dantumadiel</i>	15

Fan de EFA

<i>Op nei de Europeeske ferkiezingen</i>	16
<i>EFA-kongres Straatsboarch</i>	17
<i>Konferinsje op Skylge oer wenjen op in eilân</i>	19

Fan OPNL

<i>Sterker op nasjonaal nivo</i>	21
--	----

Adressen	22
-----------------------	----

KOMMUNIKAASJE



Wat hat de FNP in lange skiednis! Nei 62 jier ferskynt no Frijbûtser nûmer 480. It twadde nûmer dat digitaal útkomt. De earste digitale nijsbrief, mei de nijjerswinsken en noch sûnder namme, is ek ferstjoerd.

Wy hawwe in nije webside en guon leden hawwe in nij mailadres krigen. It Partijhûs wurket mei in selstinkende boekhâlding en it argyf hinget hjoed-de-dei 'yn 'e wolken' (*in the cloud*). It is no allegear digitaal. Dêr kinne wy as partij mei foarút!

Dat der troch de digitalisearring ek bernesykten meikomme soene, hie ik yn 'e foarige Frijbûtser al oankundige. Dochs hat it ek my ferrast dat we foaral technysk sjoen noch tsjin safolle saken oanrinne soene.

Nije mailadressen

Benammen de ynfiering fan nije mailadressen foar bestjoersleden, politisy en oare aktive groepen foel net ta.

Guon minsken hiene problemen mei de ynfiering fan it nije adres. Oaren hiene gjin tagong ta mailgroepen dêr't hja wol tagong ta hawwe moasten. Dêr kaam by dat de âlde mailadressen net mear wurken. Guon hawwe lang wachtsje moatten op de Frijbûtser fan oktober. Fan guon minsken witte wy net iens oft hja him wol krigen hawwe.

As kommunikaasje-adviseur en as âldsjoernalist dogge de problemen mei de nije e-mailadressen my persoanlik sear.

Soks stiet in goede kommunikaasje mei de leden yn 'e wei. Mar wy sette troch. Noch in pear bonkjes en dan binne we der. No hat de digitalisearring ek wer in oar grut foardiel. De Frijbûtser stiet ek gewoan op de nije webside, dus jo kinne him altyd lêze! Klik [hjiir](#) mar. En op it net-iepenbiere diel fan de webside sille meikoarten foar leden ek alle nijsbrieven te finen wêze. Dizze digitale nijsbrief hat de namme It Frijbûtserke krigen en sil fan no ôf alle moannen ferskine. Utsein yn 'e simmer. Sjoch dêr ek de meidieling fan it Partijhûs oer.

Mear fernijingen

Der binne noch mear fernijingen op kommende wei dy't ús ûnderlinge kommunikaasje fierder foarút helpe kin. De webside sille wy mear brûke om ynformaasje út te wikseljen. Tink bygelyks oan it útwikseljen fan dokuminten, stânpunten en moasjes fan fraksjes.

Fierder kriget it Partijhûs meikoarten in mobile telefoan, dêr't de berikberens troch ferbetteret en ús buro mei appe kin en app-groepen mei meitsje kin.

Dêrnjonken komt der yn de gearkomsteseal boppe in grut byldskerm te hingjen. Dat makket it mooglik dat minsken dy't net yn 'e buert binne, of net hielendal fit, dochs meiprate kinne yn gearkomsten. De koroanatiid hat leard dat sokke hybride gearkomsten in gaadlik alternatyf binne by sykte, min waar of grutte reisôfstannen. Mei eksternen, tink bygelyks oan OPNL, kin sa ek profesjoneel oerlein wurde.

Alle feroaringen hawwe grutte ynfloed hân op it Partijhûs oan de Obrechtstrjitte yn Ljouwert. Ferry, Tryntsje en Ali hawwe yn 2023 hiel wat foar de kiezen krigen. Lykas alle jierren hat it haadbestjoer ein desimber by harren op 'e kofje west. Wat

opfoel wie dat hja net klagen, mar foaral foarútseagen. De wichtichste fraach wie dy om in tûnman. No, dan giet it fierder wol goed.

Sinteraasje

De notulen fan ledegearkomsten sille aanst ek te finen wêze yn it besletten diel fan de webside. Oer dy notulen sprutsen. Op 'e algemiene ledegearkomste fan 21 desimber is besletten dat de kontribúsje dit jier foar elkenien mei 5 euro omheech giet. Dat is dien fanwegen de hege ynflaasje fan de ôfrûne jierren. Wy hoopje sa wer in tal jierren mei deselde bedraggen foarút te kinnen. Alle leden krije hjir meikoarten in brief mei mear útlis oer. Of in e-mail fansels!

Jan Arendz, foarsitter

Jan.arendz@fnp.frl

06 11 86 45 05

Foar it bûsboekje

Ekstra ALG oer meidwaan oan Twadde Keamerferkiezingen – sneontemoarn 20 april yn Warten.

Oerlizen fan it haadbestjoer:

- mei Steatefraksje - 5 maart
- mei wetterskipfraksje - 19 maart
- mei ôfdielingsbestjoeren - 16 april
- mei politysy (riedsleden, wethâlders, boargemaster, steatefraksje, deputearre en senator) - 26 april

Wurdsiker Frijbûtsjer 479

De oplossing wie: Noarderrein is sûnder ein.

Under de ynstjoerders fan de goede oplossing is in pryske ferlotte.

De winner is wurden: Sjouke Bosma

Wa wurdt ús túnman/-frou?

Us frijwillichster Ali Castelein wurket al hast 26 jier op it Partijhûs. Njonken de boekhâlding, de post en oar kantoarwurk hâldt hja it Partijhûs ek skjin. Allinne it byhâlden fan 'e tún by ús hûs oan de Obrechtstrjitte yn Ljouwert wurdt wat te folle. Fan 't maitiid moat der bygelyks aardich snoeid wurde. Dêrom hjir de oprop: Wa wol de túnman of túnfrou wurde fan ús Partijhûs? De kofje stiet dêr op tiisdei en tongersdei klear!

Mail jo reaksje nei partijhûs@fnp.frl

Alle moannen in miny-Frijbûtser

Nijsgjirrich nijs! Us nije nijsbrief *It Frijbûtserke* komt fan no ôf alle moannen digitaal út. Alle ôfdielingen mar ek alle leden krije de kâns om meidielingen te dwaan of aktiviteiten te melden dy't in dúdlike relaasje mei de partij hawwe. Alle kearen ferskynt ek in bûsboekje yn 'e nijsbrief. Untdek ús dynamyske mienskip en mis gjin inkeld evenemint! Lit ús mei-inoar de dialooch en aktiviteit stimulearje!

Kopij graach ynleverje foar de 1^e fan alle moannen. Omdat de nijsbrief digitaal is, kinne wy dy sûnder mearwurk en kosten faker útbringe. De nijsbrief ferskynt allinnich oer de post as der foar alle leden wichtige meidielingen en aktiviteiten binne. Kopij foar of fragen oer de nijsbrief graach stjoere nei: partijhûs@fnp.frl

Nij telefoannûmer:

06 15 21 03 35

It Partijhûs yntrodusearret in nij telefoannûmer! Sa is it partijhûs net allinich better berikber, mar kin der ek flugger skeakele wurde. Appgroepen foarmje ûnder oaren de nije kommunikaasjeline mei de ôfdielingen, bestjoeren en leden, wylst it fêste nûmer stadichoan ôfboud wurdt. Slaan dit nûmer dus goed op yn de telefoon en/of it bûsboekje.

Ferry van der Ploeg



FNP-BESINNINGSDOI 2023

Oan de besinningsdei (7 oktober, Glinstra State, Burgum) namen moarns sa'n fyftich belangstellende leden diel. Nei de lunch bleaune der likernôch fjirtich oer. De dei waard iepene troch de foarsitter fan de kaderkommisje Annigje Toering en ôfsletten troch de foarsitter fan it haadbestjoer Jan Arendz.

Der wiene twa ynliders: de moarns Hans Poepjes, dy't út syn fiskerseftergrûn wei de problematyk fan de Iselmar-, Waad- en Noardseefiskerij beljochte, en de middeis OPNL-senator Auke van der Goot oer 'Demokrasjy en de mooglikheden foar de regio'.

De oanwêzigen waarden nei de bydragen fan de ynliders ferdield yn fiif groepen om oan 'e hân fan stellingen ta ferdjipping te kommen fan fjouwer fan de sân FNP-kearnwaarden: ûndernimmerssin, duorsumens, demokrasy en federalisme.

De organisaasje hie foar de lieding fan de diskusjegroepen de help ynroppen fan seis FNP-wethâlders. Dy soargen derfoar dat de opmerkingen, konklúzjes en aksjepunten notearre waarden. De organisearjende wurkgroep hat út dat materiaal ûndersteande omtinkpunten helle.

Omtinkpunten

- De suggestje is dien om boekjes gear te stallen dy't regelingen foar ûndernimmers en duorsumens helder werjouwje.
- Foarmje in FNP-wurkgroep dy't foarstellen docht foar mear foech nei Fryslân.

- Yn de grutte enerzjyprojekten op see moat de mienskip – ék it mkb – foar 50% partisipearje (kinne).
- Oer wol of gjin folksrieplachtingen waard yn de groepen hiel ferskillend tocht en rapportearre.

Troch de opsomming fan aksjepunten hinne rint as in reade tried it ferlet fan in langeretermynfyzje, dy't it foech sa 'leech' mooglik lizzen hat. Ut alles wat op it mêd fan konklúzjes notearre is, falt op te meitsjen dat de groepen mei erchtinken nei de hjoeddeiske lanlike oerheid en multinationals sjogge fanwegen harren kwaliteit en transparânsje.

NB. Yn syn ynliding frege Hans Poepjes de oanwêzigen oft hja in oplossing betinke koene foar it skeel dat der ûntstien is tusken de berops- en de sportfiskerij yn it gebiet om de fiskmigrasjerivier troch de Ofslútdyk hinne. Sportfiskers meie dêr wol fiskje, mar beropsfiskers net, wylst dy dat dêr foar de oanlis fan dy rivier wol mochten. Net ien fan de groepen is op dy fraach yngien.

De wurkgroep Besinningsdei 2023

HICHTEPUNTEN FAN IT LÊSTE FEARNSJIER

Us Steatefraksje hat it lêste fearnsjier fan 2023 net stilsitten. Want leave santjin! It koe dochs net sa wêze dat ús twadde rykstaal samar oan 'e kant skood waard yn 'Boer zoekt vrouw'? Witte jimme it noch? Steatelid Sita Land-Dotinga dy't yn in brief oan KRO-NCRV in kursus Frysk foar de crew fan 'Boer zoekt vrouw' oanbea. Dy aksje hie wol effekt. De FNP waard neamd by RTL Nieuws, Qmusic, Linda Magazine en it AD. Sita wie ek live yn de útstjoering op Radio1. Wat in boppeslach!

Steatelid Tjitte Hemstra hat oan it kolleezje fan Deputearre Steaten skriftlike fragen steld oer de betingsten fan de subsydzjeregeling foar feehâlders dy't maatregels nimme wolle om it fee tsjin de wolf te beskermjen. De FNP is al langer dwaande mei de wolf yn ús regio. Salang't de wolf ûnder de besteande nasjonale en Europeeske natuerwetjouwing strang beskerme is,



Tjitte Hemstra

wol de FNP dat de oerheid de feehâlders yn 'e mjitte komt om sokke maatregels nimme te kinnen. Dêr is dus it lêste wurd noch net oer sprutsen.

Doe't de oanfraach fan it Wetterskip foar in stikstoffergunning oanholden waard, stelde de FNP-Steatefraksje krityske fragen oan it kolleezje fan Deputearre Steaten. It Wetterskip hat dy fergunning nedich om in projekt foar natuerfreonlike wâlskanten út te fieren. Dat is nedich om oan de wetterkwaliteitseasken te foldwaan, dêr't it Wetterskip en de provinsje Fryslân tegearre foar oan 'e latte steane.

Wy hawwe frege om opheldering en oft der ek oare mooglikheden binne om it wurk dochs trochgean te litten. Yn de krante wie te lêzen dat der ferskillende opsjes binne, mar noch net de oplossing. Dit haadstik is dêrom noch net sletten.

En doe wie it foar de eilannen wer safier om harren eigen ferzje fan it sinteklaasfeest te fieren. It Amelân ken syn eigen feest, it Sunneklaas, in âlde tradysje en feest fan, foar en troch de bewenners fan It Amelân. De lêste jierren besykje de media dêr ferslach fan te dwaan. Dat resultearre deryn dat de bewenners har twongen fielden om de fearboaten foar it feest te kontrolearjen op sjoernalisten. Foar de tredde kear efterinoar besocht omrop PowNed om It Amelân te berikken. De ferslachjouwers waarden betrape. Harren waard frege om it eilân te ferlitten, mar dat rûn op in protte gesoade-miter út.



Dinie Visser

Steatelid Dinie Visser hat dêr in prachtich opynstyk oer skreaun. Dinie: *"It beskermjen fan harren tradysje falt de Amelanners te priizgjen. Earder resultearre krytyk op it Kallemooifêst al yn in grutte oprin rjochting Skiermûntseach, stie de tradysje fan it karbidsjitten ûnder druk en ferdwynt it al oanpaste Sinteklaasfeest mear en mear nei de eftergrûn. Just yn de regio soargje tradysjes foar in gefoel fan ienigens. In werkenber momint op de jierkalinder dy't de mienskip yn beweging bringt. Dat fertsjinnet respekt en akseptasje."*

Wa't nijsgjirrich is nei Dinie har hiele stik, kin it [hjiir](#) fine.

Noch in moai hichtepunt wie de gearkomste fan Provinsjale Steaten fan 20 desimber 2023. Ut it Steatekomitee Frysk wei is der mei alle partijen in moasje yntsjinne oer it ferheegjen fan de ambysjes foar de Fryske taal en kultuer en it stribjen nei in lykwaardige twatalige



Sita Land-Dotinga

provinsje. Us Steatelid Sita Land-Dotinga hat dêr in bydrage oan levere dy't tagelyk har fammerede wie. Sita: *"Ik soe tige grutsk wêze as myn bern, en oer in hiel soad jierren beppesizzers, opgroei yn in Frysk Fryslân, dêr't de fiertaal 'gewoan' Frysk is, dêr't it fanselssprekkend is om grutsk te wêzen op ús taal en kultuer. Wy kinne net alles allinnich, mar mei-inoar kinne wy alles!"* Nei Sita har fammerede kaam der in applaus, wat net gebrûklik is, mar mear as fertsjinne. Nijsgjirrich nei Sita har fammerede? Gean dan nei ús pagina op Facebook, FNP Fryslân, en sjoch it berjocht fan 23 desimber 2023.

En dan noch sjittend it âldjier út. Minsken fan de Steatefraksje hawwe moai op paad west en stickers en

♥ FAN DE STEATEFRAKSJE

fjoeroanstekkers útdield by de karbydploegen. Dy ploegen wurdearje it dat de FNP delkomt en wy wurde dan ek altyd hertlik ferwolkomme.

Fan jannewaris ôf hawwe wy ek wer dúdlik fan ús hearre litten yn de lanlike parse. De FNP hat in oprop oan de Earste Keamer dien: Stypje de Spriedingswet. Fansels moatte wy ek oan de ynstream, in effisjinte behanneling fan prosedueres en it weromstjoeren fan ôfwisde asylsikers trochwurkje, mar ûnderwilens kinne wy Ter Apel en Nieuw Weerdinge net sitte litte.

Fraksjefoarsitter Gerben van der Mei: *'Wy begripe dat de wet by guon partijen gevoelig lizze kin, mar as fertsjintwurdigers út de regio, as ynwenners fan de regio-provinsjes soene wy dochs ienriedich tawurkje moatte nei in oplossing foar de plakken dy't no grouwélích ûnder druk steane.'* Us oprop pakte goed, út want ús fraksje-foarsitter Gerben van der Mei wie



Gerben van der Mei

te hearren by RTL Nieuws en op Sky Radio en de jûns ûntstie in mearderheid yn de Earste Keamer.

De kommende tiid stiet der alwer in protte op de aginda en binne ús Steateleden en fraksjemeiwurkers drok dwaande om it FNP-lûd hearre te litten. Op nei in suksesfol 2024!

Geriena Bosma, beliedsmeiwurker



Karbydploech Brantgum (eigen foto)

GEARWURKING FOLDOCHT GOED

Sawol de FNP-fraksje as it Wetterskip wiene ein 2023 goed op stoom! Allegearre hawwe we ûnderfine kinnen hoe wichtich oft de rol fan it Wetterskip yn Fryslân is. 2023, in jier dêr't yn it Wetterskip in soad yn barde en dat prachtich gearfette is yn it filmke [Terugblik op 2023](#).

Us fraksje kaam yn de koälysje en wy keazen foar gearwurking mei de VVD en Geborgd Landbou. Wy litte ús fertsjintwurdigje troch Frank Jorna. Mar wa is dy Frank eins? Graach stelle wy him oan jimme foar.

Oft ik my koart foarstelle woe ... Poe, dat liket simpel, mar dêr moast ik dochs efkes oer neitinke.

Ik bin dy bestjoerder fan it Wetterskip dy't net nij is, mar eins ek wer wol. Sûnt 2015 sit ik dêr yn it algemien bestjoer. Yn de foarige bestjoersperioade waard ik in jier foar de ferkiezings lid fan it deistich bestjoer as portefúlgehâlder wettersysteem (polders, boezem en gemalen).

Nei de ferkiezings yn maart 2023 en de koälysjeûnderhannelingen dy't dêrop folgen, krige ik opnij de kâns om diel út te meitsjen fan it kolleezje en sprong ik wer yn it djippe. Dit kear net allinnich út namme fan Geborgd Landbou en de VVD, mar ek út namme fan de FNP. Myn portefúlje bestiet yn haadsaak út alles wat te meitsjen hat mei wetterfeiligens (alle primêre en regionale kearingen) en bedriuwsfiering. Noardwest-Fryslân is myn 'gebietsportefúlje'.

'Wetterskipperje' koe ik al, mar foar de nije portefúljes hoopje ik ynearsten noch in skoftke op wat bestjoerlik kalmer waar. Dat it der yn de praktyk ek woest om ta gean kin, haw ik ôfrûne desimber al ûnderfûn doe't by stoarm Pia by de Fryske kust lâns dykbewekking ynsteld waard. Prachtich om te sjen hoe't it Wetterskip dan as in goed smarde masine wurket om alles feilich en drûch te hâlden.

Ik skets mysels it leafst as in nochteren Fries. Hikke en tein yn de Greidhoeke, 49 jier en de âldste soan fan Minicus Jorna en Atsje Witteveen. Wenjend op 'e pleats foar de âlderlike pleats by de Alde Toer fan Easterwierrum oer. Yn Wageningen studearre, yn Rotterdam en De Haach wurke foardat ik wer nei Fryslân tein bin foar in baan by Dairy Campus yn Ljouwert. Tegearre mei myn broer haw ik in melkfeebêdriu. Ik bin om sa te sizzen de 'parttime' boer yn de wykeinen.

♥ FAN DE WETTERSKIPSFRAKSJE

“As it net kin sa’t it moat, dan moat it mar sa’t it kin”, is in wichtige libbensles dy’t ik fan ús heit meikrige. Wa’t wat berikke en betsjutte wol, moat soms kreatyf wêze. Ik sykje graach nei ferbining en oplossingen. As it mar efkes kin meitsje ik saken graach ‘rûn’ of slach ik se ‘plat’, mar komplekse fraachstikken gean ik wiswier net út ‘e wei. Harkje en mei-inoar laitsje is myn modus operandi. Tagelyk haw ik graach de technyske ûnderbouwing der ek by ...

Privee: in frije Fries, net troud, gjin bern. Wol in hiel moaie famylje- en freonegroep, dêr’t ik in protte moaie en soms ek minder moaie dingen fan it libben mei diel. Ik hâld fan it bûtenlibben en bin dêr yn myn frije tiid ek faak yn te finen. Yn ‘e maitiid besykje ik altyd in wike ‘snie’ yn te plannen en yn de simmer sykje ik de lêste jierren it Hege Noarden fan Europa op.

Oan ‘e ein in antwurd op de fraach dy’t sûnder mis by in soad fan jimme

op ‘e lippen brânt: hoe giet it yn de gearwurking tusken sa’n liberale boer en de FNP? Dat giet neffens my yn it bestjoerlike domein fan it Wetterskip prima. By ús giet it feitlik allinnich om wetter. Wetter hat gjin spesifike foarkar foar links of rjochts; we hawwe der te folle of te min fan en it streamt altyd fan heech nei leech.

Op persoanlik nivo kin ik it mei de FNP-fraksje ek goed fine. It Fryske wetter sit by ús allegearre yn it bloed. Mei-inoar wurkje we oan it útfieren fan it koälysjeprogram, dêr’t de ynbring út de ferkiezingsprograms fan de partijen dy’t ik yn it deistich bestjoer fertsjintwurdigje mei, ûnmiskenber yn werom te finen is.

Dat wie dan de koarte ferzje. Letter kom ik graach in kear neier mei jimme yn ‘e kunde.

Frank Jorna



Frank Jorna

Súdwest-Fryslân

TEMAJÛN 'DE GRUTTE OMSLACH' MEI PROF.DR.IR. JAN ROTMANS



Foto Johan Vogelzang

Moandeitejûn 11 desimber 2023. De Groene Weide yn Boalsert sit grôtfol mei belangstellenden foar de lêzing 'De Perfecte Storm' fan klimaatprofessor Jan Rotmans. As we neat dogge, dan sil Fryslân en in grut part fan Nederlân yn 2071 ûnder wetter stean. Dêrom ... aksje! Der moat in plan komme, in fyzje oer hoe't de wrâld der dan útsjen moat.

Rotmans: "In tijden van chaos wordt het oude afgebroken en ontstaat iets nieuws. Zoals in de Industriële Revolutie. We zitten nu midden in de Digitale en

Duurzame Revolutie. De komende 10 jaar worden lastig voor veel mensen, maar een crisis kan helpen bij de verandering. Fryslân moet de chaos omarmen!"

♥ FAN DE ÔFDIELINGEN

Yn Súdwest-Fryslân bart al in protte op it mêd fan de enerzjytransysje. Foarbylden: it restwaarmte- en wetterstofprojekt yn Boalsert, wenwyk It Eilân yn Snits wurdt gasfrij, it restwaarmteprojekt yn Warkum en de enerzjykoöperaasjes. “Mar we binne der noch net”, leit FNP-wethâlder Henk de Boer yn syn iepeningswurd út.

Oprjochter fan Freonen Fan Fossylfrij Fryslân Bouwe de Boer is dizze jûn lid fan it trijekoppich foarum dat reagearret op de lêzing fan Rotmans. Hy wurket al jierren oan in plan. Hy hat foar syn projekt in groep deskundigen út ferskillende ûnderdielen fan de Fryske maatskippij byinoar brocht.

Rotmans fynt it moai, al dy Fryske aksjes,

mar wat der no foaral barre moat, is in plan meitsje, in langetermynfyzje opstelle wêr't we hinne moatte. Der is no te folle fersnipeling en te min gearwurking. Wy leare te min faninoar. Wy stimme noch net genôch opinoar ôf en der is gjin koördinaasje.

Hoe dan wol? Rotmans: “Niet via gestaalde kaders, maar doorbreek de coalities, vorm een Gideonsbende (lytse groep striidbere minsken), zorg voor kruisbestuivingen, sociale innovatie en ... bottum-up.”

Fryslân hat ferbiners nedich, in beweging dy't op aksje en opskaling rjochte is. Meitsje in grut ferhaal lyts. Helje doarp foar doarp op en set in beweging yn gong. Rotmans: “Echte doorbraken ontstaan niet vanuit brancheclubs of akkoorden, maar vanuit mensen die dingen doen die je eigenlijk niet voor mogelijk had gehouden.”

FNP Súdwest-Fryslân sjocht werom op wer in tige goed slagge temajûn. Mei goed twahûndert belangstellenden en in protte positive reaksjes. Mar ek mei in opdracht om noch mear oan 'e slach te gean mei de troch Rotmans besprutsen transysjes foar enerzjy, grûnstoffen en demokrasy.

De temajûn waard organisearre troch FNP Súdwest-Fryslân en mei mooglik makke troch OPNL.



Jan Rotmans



Dantumadiel

DANTUMADIEL SELSSTANNICH!?

Yn de Dokkumer Wâlden fan Fryslân leit de gemeente Dantumadiel.

Mei sa'n 19.000 ynwenners, ferdield oer de doarpen Damwâld, Broeksterwâld, Driezum, Wâlterswâld, De Falom, Feanwâlden, Feanwâldsterwâl, Rinsumageast, Readtsjerk, Sibrandahûs en De Westereen hat de gemeenteried santjin riedsleden dy't sân partijen fertsjintwurdigje. Foar de FNP sitte Jouke Jan Postma en ûndertekene yn 'e ried.



Yn 2016 hat de ried fan Dantumadiel it beslút naam om net mei te gean yn de fúzje fan de gemeenten Ferwerderadiel, Dongeradiel en Kollumerlân, mar wol amtlik gear te wurkjen mei de lettere nije gemeente Noardeast-Fryslân. Dat foldie net, dat sûnt 1 jannewaris 2024 is Dantumadiel wer in folsleine selsstannige gemeente.

De FNP, tsjin it ôfskied fan de gearwurking, sjocht skeptysk nei de



ambysjes fan de gemeente. Dy wol, as earste stap nei in modernisearing, in nij gemeentehûs bouwe. Dat ropt de noed fan de FNP op. Yn in tiid dat gemeenten hieltyd mear ferantwurdlikheden krije, freget de libbensfetberens fan ús lytse gemeente om refleksje.

De FNP set grutte fraachtekens by de duorsumens fan sa'n eigentiidske gemeente. Yn de kommende jierren sille we sekuer folgje hoelang't dizze lytse gemeente syn autonomy behâlde kin middenmank tanimmende lokale ferantwurdlikheden.

Ferry van der Ploeg
Fraksjefoarsitter FNP Dantumadiel



OP NEI DE EUROPEESKE FERKIEZINGEN

It moaie fan ynternasjonale klups, en dus ek fan in Europeeske partij as de EFA, is dat dy harren leden de kâns jouwe om faninoar te learen: hoe pakke minsken yn oare lannen de saken oan? Sa leare wy bygelyks om in netwurk te ûnderhâlden dat ynspiraasje biedt foar de Fryske praktyk. Tagelyk spylje wy as FNP fia de EFA ek in rol yn de Europeeske polityk troch aktyf mei te dwaan yn it debat oer de takomst fan Europa. Dat lêste spilet hielendal yn 2024. Ommers, yn juny binne de ferkiezingen foar in nij Europeesk Parlemint.

Spitigernôch kinne FNP'ers dit jier wer net op harren eigen kandidaten stimme. Oare partijen binne yntusken drok mei de listen dwaande. Der steane in pear Friezen op. Anja Hage is listlûker foar de ChristenUnie en Malik Azmani foar de VVD. En Raquel García fan De Gordyk stiet op nûmer twa by D66. Soe de EFA mei harren gearwurkje kinne? Steatelid Dinie Visser skriuwt yn dizze Frijbûtser oer it partijkongres fan de EFA yn Straatsboarch, dêr't de EFA syn ferkiezingsmanifest oannaam en syn topkandidaten presintearre hat.

De FNP hat yn novimber yn gearwurking mei de EFA en mei de stipe fan OPNL in ynternasjonale gearkomste fan it EFA-Islands' Forum organisearre. It wie in tige slagge wykein mei in soad nije ideeën foar it belied op it mêd fan wenjen. Paulien Slats fertelt deroer.

As EFA-bestjoerslid haw ik by it partijkongres fan ús susterpartij Plaid Cymru yn Wales west. Dat kongres duorre

two dagen en bestie út ferskate parallelle workshops dy't troch de ynhâldlike kommisjes en temagroepen taret wiene. Under lieding fan de fraksjefoarsitster Liz Saville Roberts fan Plaid Cymru yn it House of Commons die ik mei oan in diskusje oer Europa en it mooglike plak fan Wales dêryn. Dêrneist fertelden leden fan it Britske en Welske parlemint oer wêr't sy mei dwaande binne. Fansels wie der in opswypkjende speech fan de nije lieder Rhun ap Iorwerth. De opset die suver wat Amerikaansk oan.

Dêrneist wie ik yn novimber noch by in hiel nijsgjirrige gearkomste yn Brussel oer fyftich jier autonomy fan de regio East-België (OPNL-senator Auke van der Goot wie der ek). By dyselde gelegenheid wie der ek in gearkomste dêr't sprekkers fan lytse talen fan de Britske eilannen lykas it Cornish, it Manx, it Gaelic en it Jèrriais yn fertelden oer hoe't se harren talen libben hâlde.

Frank de Boer

EFA-KONGRES STRAATSBOARCH

Nei in Steatebesite oan Brussel yn it ramt fan de European week of regions and cities, mocht ik noch troch nei Straatsboarch foar it EFA-kongres, dêr't ik tegearre mei Frank de Boer de FNP fertsjinwurdige.

It doel wie it fêststellen fan it ferkiezings-program en it presintearjen fan de Spitzenkandidaten yn oanrin nei de Europeeske ferkiezingen op 6 juny 2024. It program is op dei 1 fêststeld. It is bedoeld om de Europarlemintariërs hânfetten te jaan foar de kommende perioade en de Spitzenkandidaten kinne dêrmei yn de debatten op 'en paad. De Spitzenkandidaten binne yn wêzen de listlûkers foar de Europeeske ferkiezingen en de kandidaat foar it presidentskip fan de Europeeske

Kommisje. Wy stimme fansels yn Nederlân, mar sy fertsjintwurdige it ferhaal fan de oansletten partijen fan de EFA yn de debatten.

Yn de wiken foar it kongres hawwe de ferskate regionale partijen yn de EFA de mooglikheid hân om oan it program mei te skriuwen. Op it kongres waard stimd oer oanpassingen yn it basisdokumint. Fansels jout it grut ferskaat oan regio's en eftergrûnen garânsje foar dynamyk. Mar it is slagge om konsensus te berikken.



Dinie Visser en Frank de Boer fan de FNP-delegaasje stimme foar (foto EFA).

Op dei twa wie it parsemomint mei it foarstellen fan de Spitzenkandidaten. Dat hat de EFA op in prachtige wize oanpakt



De EFA-Spitzekandidaten Maylis Rossberg en Raúl Romeva (Foto EFA)

mei direkt wer in sinjaal fan diversiteit: kandidaten binne de jonge politika Maylis Rossberg (SSW) út it noarden en Raúl Romeva (ERC) út it suden. De lêste hat wat mear ûnderfining en is op himsels al in opfallende kar fanwegen syn rol by de Katalaanske referinda. In dúdlik sinjaal liket my ta.

It wie al mei al in moai momint om mei minsken út oare regio's yn 'e kunde te kommen en faninoar te learen.

Sjoch foar mear ynformaasje oer de kandidaten en de ferkiezingsen op [it webstee fan de EFA](#), en foar mear oer it kongres op it [FNP-webstee](#).

Dinie Visser



Kongressaal yn Straatsboarch (Foto EFA)

KONFERINSJE OP SKYLGE OER WENJEN OP IN EILÂN

'Wenje wêr't wy wenje wolle' is in biedwurd fan de FNP. Us Oanfalsplan Wenjen beklammet de prioriteit foar eilânbewenners en de needsaak foar betelbere, kwalitatyf goede wenningen. It wenningtekoart en de leefberens yn perifere, Fryske gebieten (mei yn it bysûnder de eilannen) stiene sintraal op it EFA Islands' Forum.

Troch gear te kommen mei leden fan partijen út oare Europeeske minderheidsregio's en te harkjen nei eigen ûnderfiningen en útdagingen fan sprekkers lykas 'best-practices', kinne wy foarútsjen. Yn it ljocht fan de Europeeske wenningkrisis beklammen sprekkers de

need oan spesifyk belied foar de eilannen en gearwurking op Europeesk nivo.

Moetsje, mei-inoar yn petear gear en leare oer oerienkomsten en ferskillen op ferskate mêden stiene sintraal by it Forum. Hoewol't alle regio's dy't ferbûn



FNP-wethâlder Bert Koonstra fertelt petearlieder Renate Gerbrandy-Kuivenhoven oer syn wenbelied yn Noardeast-Fryslân (Foto EFA – Mind of Visuals)

binne troch de EFA faninoar ferskille, hawwe wy allegearre te krijen mei lyksoartige problematyk oangeande de druk op de huzemerk.

De lokale oanpak rjochtet him op de útdagingen fan it wenjen op eilannen, benammen de gentrifikaasje troch toerisme, twaddehûsbesitters en huzen foar de ferhier. Net allinnich op eilannen spilet dat probleem, ek breder yn ús provinsje en op oare plakken yn Europa. Boargemasters en wethâlders spylje in essinsjele rol troch prioriteit te jaan oan 'eigen minsken' en guon dy't wichtich binne foar de leefberens op de eilannen, lykas guon dy't dêr wurkje. In nijsgjirrige komponint kaam troch de wittenskiplike ynsichten fan professor Regionale Ekonomy en Geografy, Sierd Jan Koster.

De Europeeske gasten brochten ek nijsgjirrige ideeën yn. François Alfonsi

(Korsikaansk lid fan it Europeesk Parlemint) fertelde oer de unike útdagingen fan eilannen, lykas hegere kosten en gentrifikaasje troch toerisme. Hy stribbet nei in Eilân-pakt yn de EU, ferlykber mei it Stêdepakt dat al bestiet. Barbara Steenbergjen pleite foar regulearring fan toeristyske ferhier om betelbere hûsfêsting te behâlden. Op bygelyks de Åland-eilannen (Finlân) kontrolearje ynwenners mei Åland-boargerskip de ûnreplikgoedprizen hielendal sels.

En dat allegearre mei it prachtige Skylge as dekôr. Hoewol't it in drok, ynhâldlik programma wie, is der troch de (inter) nasjonale gasten geniete fan wat it eilân oan natuer en libbens te bieden hat.

Op de FNP-side kin [it wiidweidige artikel](#) fûn wurde oer it Forum.

Paulien Slats



Dielnimmers Skylge (Foto EFA – Mind of Visuals)



STERKER OP NASJONAAAL NIVO



Sa komme jo as FNP'er nochris earne! Senator Auke van der Goot wie op 18 jannewaris op besite by Kening Willem-Alexander yn Paleis Huis ten Bosch. It petear wie bedoeld om yn 'e kunde te kommen mei fraksjefoarsitters fan de Earste Keamer. Foto © RVD.

De FNP is yn it gearwurkingsferbân OPNL goed fertsjintwurdige mei Auke van de Goot as senator en my as foarsitter. Ferline jier juny naam ik de foarsittershammer oer fan Jabik van de Bij, dy't yn de wichtige perioade fan de ferkiezings foar de Earste Keamer Durk Stoker fanwegen syn sykte ferfong. Wy binne Jabik tige tankber foar syn ynset en wiis mei it berikte resultaat.

It nije Algemien Bestjoer hat stappen set om it platfoarm fan partijen ree te meitsjen foar de kommende fjouwer jier. De ynterne organisaasje is wat strakker makke en der wurdt neitocht oer wat

mei de Twadde Keamer te dwaan en hoe't OPNL yn 2027, nei de ferkiezings fan Provinsjale Steaten, mear sitten yn de Senaat krije kin. It is wol dúdlik dat de ynfloed fan OPNL, en dêrmei dy fan de FNP, op nasjonaal nivo grutter wurde moat en yn de oare provinsjes regionale partijen sterker wurde moatte.

Op it stuit dus in soad wurk achter de skermen, mar alles mei mar ien doel, sterker op nasjonaal nivo.

Sybren Singelsma, foarsitter
0111 65 08 40 | +32 497 43 73 18 |
sybrensingelsma@opnl.nl

FNP-hûs, Obrechtstrjitte 32, 8916 EN
Ljouwert
Antwurdnûmer 5034, 8900 VB Ljouwert
06 15 21 03 55, partijhus@fnp.frl
Buro: **Ferry van der Ploeg**, **Tryntsje
Wester-Osinga**, **Ali Castelein-Henstra**

Bankrekken: NL21 RABO 0305 0145 28
Ynternet: www.fnp.frl

HAADBESTJOER

haadbestjoer@fnp.frl

Jan Arendz, Beetstersweach (foarsitter)
06 11 86 45 05

jan.arendz@fnp.frl

Aeltsje de Groot, Stiens (skriuwer)
06 10 18 37 27

aeltsje.degroot@fnp.frl

Jan Benedictus, Boelensloane
(ponghâlder)

0512 34 27 41

jan.benedictus@fnp.frl

Annijge Toering, Mantgum
06 51 24 71 82

annijge.toering@fnp.frl

Marcel van der Wal, Aldegea Sm.
06 87 56 15 63

marcel.vanderwal@fnp.frl

Klaas H. Nieuwhof, Berltsum
06 47 31 92 13

klaas.nieuwhof@fnp.frl

Marten Schotanus, Aldegea (SWF)
(2e ponghâlder)

06 51 54 11 61

marten.schotanus@fnp.frl

EARSTE KEAMER (OPNL)

Auke van der Goot, Grins
auke.vandergoot@eerstekamer.nl

STEATEFRAKSJE

p/a Provinsjehûs, 058 292 58 03

fnp@fryslan.frl

Frank de Boer, beliedsmeiwurker
Geriena Bosma, beliedsmeiwurker

Fraksjeleden

Gerben van der Mei, Tsjummearum
(foarsitter)

06 15 48 00 47

g.h.vandermei@fryslan.frl

Dinie Visser, Snits

06 27 47 84 59

dvisser@fryslan.frl

Sita Land-Dotinga, Surhuzum

06 15 50 05 59

s.dotinga@fryslan.frl

Tjitte Hemstra, Wytgaard

06 25 48 66 52

t.hemstra@fryslan.frl

Thom Feddema, Raard (kommisjelid)

06 31 79 57 91

t.feddema@fryslan.frl

DEPUTEARRE

Sijbe Knol, Sint-Anne

s.knol@fryslan.frl

WETTERSKIPFRAKSJE

Bert Vollema, Tsjom (foarsitter)

06 30 64 32 22

bvollema@ab.wetterskipfryslan.nl

Trijntje Albada, Murns

06 11 06 47 76

talbada@ab.wetterskipfryslan.nl

Anneke Hylkema, Aldegea (SWF)

06 23 30 96 21

ahylkema@ab.wetterskipfryslan.nl





FNP-hûs

Obrechtstrjitte 32
8916 EN Ljouwert

Antwurdnûmer 5034
8900 VB Ljouwert

058 213 14 22
06 15 21 03 35
partijhus@fnp.frl

www.fnp.frl

DÊ PARTIJ FOAR DE REGIO SÛNT 1962.